

Liturgy

foar snein 11 jannewaris 2026

Sint Janstsjerke Deinum

Foargonger:

Ds. Liuwe Westra

Oargelist:

Lucas Wiersema

Lector:

Thom Miedema



Oargelmuzyk

Wurd fan wolkom en meidielings

YntochtsLiet: Psalm 100

Fotum en groet

(de gemeente mei sitten gear)

Gebed

Liet 217

Gebed

Skriftlêzing: Lukas 3 : 1 - 21 (*lector*)

¹Yn it fyftjinde regearingsjier fan keizer Tibearius, doe't Pontius Pilatus steedhâlder wie fan Judéa, Herodes regearre oer it lânsdiel Galiléa, syn broer Filippus oer Ituréa en Trachonitis, en Lysanias oer Abilêne, ²ûnder it hegeprysterskip fan Annas en Kajafas, iepenbiere God Him oan Johannes, de soan fan Sacharias, yn 'e iensumheid. ³Hy teach doe de hiele Jordaankrite troch en preke, dat de minsken har bekeare soenen en har dope litte. God soe har dan de sûnden ferjaan.

⁴Sa stiet it ek beskreaun yn it boek mei godsspraken fan profeet Jesaja:

Der is ien yn 'e woestyn, dy ropt:

Meitsje de wei foar de Hear ree,

meitsje rjochte paden foar Him.

⁵Alle delten moatte folstoart wurde,

alle bergen en hichten sljochte,

de bochtige paden moatte rjocht,

bulterige banen flak.

⁶Alle minsken sille sjen, dat God ferlossing bringt.

⁷De minsken dy't yn kloften oansetten kamen om troch him doopt te wurden, spriek er sa ta: Jimme njirrebrod, wa hat jimme de wink jûn om de kommende grime te ûntrinnen? ⁸Kom mar ris mei fruchten dy't by in bekearing hearre, en tink net by jimsels: Wy hawwe Abraham as heit, want Ik sis jimme: God kin út dizze stiennen hjir wol bern foar Abraham komme litte. ⁹It is sa fier, dat de bile is al op 'e woartel fan 'e beammen set. Alle beammen dy't gjin goede frucht jouwe, wurde omkappe en yn it fjoer smiten.

¹⁰Doe frege it folk him: Wat moatte wy dan dwaan? ¹¹Hy antwurde harren: Dy't in dûbel stel klean hat, moat parte mei ien dy't gjin hat, en dy't te iten hat, fan 't selde. ¹²Der kamen ek tolgarders om doopt te wurden. Dy seinen tsjin him: Master, wat moatte wy dwaan? ¹³Hy sei tsjin harren: Net mear easkje as jimme nimme meie. ¹⁴Ek soldaten fregen him: En wat moatte wy dwaan? Tsjin harren sei er: Gjinien útskodzje en útrûpelje, mar tefreden wêze mei jim soldij.

¹⁵Omdat it folk der longerjend nei útseach en elkenien himsels mei spanning ôffrege, oft hy, Johannes, de Kristus net wêze koe, joech er allegearre ta beskie: ¹⁶Ik doop jimme mei wetter, mar Hy dy't sterker is as ik, is op kommende wei. Ik bin net goed genôch om de riem fan syn sandalen los te meitsjen. Dy sil jim dope mei hillige Geast en fjoer. ¹⁷De wanne hat Er al yn 'e hân om syn nôt te wanjen. De kerlen wol Er yn 'e skuorre byinoar bringe en it tsjêf sil Er ferbaarne yn it fjoer dat net út te krijen is. ¹⁸Mei noch hiel wat oare fermoannings brocht er it folk it bliid boadskip.

¹⁹Mar de tetrarch Herodes, dy't troch Johannes te plak set wie fanwegen Heródias, syn broers frou, en al it kwea dat er bedreaun hie, ²⁰hat ditte der noch oerhinne dien: hy liet Johannes opslute.

De doop van Jezus

²¹Doe't al it folk doopt waard, en Jezus ek, gong, wylst Er bidde, de himel iepen;

Liet 524

Preek

Liet 526 : 1 en 2

Gebedens, ôfsletten mei Us Heit

Taljochting op de diakonale kollekte (*KIA noodhulp Oekraïne*)*

Slotliet: Liet 518 : 3 en 4

Seine

Oargelmuzyk

Banknummer kerk: Protestantse Gemeente Boksum-Blessum-Deinum
NL88RABO 0119 3579 41

***Banknummer Diaconie Terpoarte:** NL47RABO 0313 2001 81

Activiteiten januari:

Woensdag 14 januari: "Praatoerke", 10.00 in Ons Huis

Maandag 26 januari Leerhûs: Stefan Paas (De weg van vrede); 19.30 Ons Huis. Opgave nodig.

Woensdag 28 januari: Handwerken voor Hongarije; 14.00-15.30 in Ons huis.

Website: www.terpoarte.nl